



Postbus 723
9700 AS GRONINGEN
T (050) 314 69 34
F (050) 311 02 01

De Minister van Binnenlandse Zaken
en Koninkrijkrelaties
mr. J.P.H. Donner
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Datum : 26 april 2011
Uw ref. : Consultatie Wet gebruik Friese taal
Onze ref. : RvT (Frysk) (u22/2011/03/rvt.frysk)

Geachte heer Donner,

Graag maakt de Raad van Toezicht van de orde van advocaten in het arrondissement Leeuwarden gebruik van de door u bij brief d.d. 21 maart 2011 geboden gelegenheid haar standpunt te geven over het conceptwetsvoorstel Wet gebruik Friese taal (de wet). Gezien onze positie concentreren wij ons bij de standpuntbepaling op het hoofdstuk "Gebruik van het Fries in het rechtsverkeer", de opvolger van de Wet gebruik Friese taal in het rechtsverkeer.

De wet voorziet in een bredere mogelijkheid voor (primair) Friestaligen om zich zowel bij de rechter als bij bestuursorganen mondeling en schriftelijk van hun moedertaal te bedienen. Dat juichen wij toe.

Wij complimenteren u met name over artikel 15 lid 2 van de wet. Het is een grote vooruitgang, wanneer in het eerste processtuk al duidelijk wordt gemaakt, dat een Friestalgige in een procedure het Fries mag gebruiken.

Kwaliteit rechtspraak

Wij maken ons al jaren sterk voor het gebruik van het Fries in het rechtsverkeer. Voor vele Friezen is het Fries hun eerste taal. Wanneer een justitiabele zijn verhaal bij de rechter in zijn eerste taal kan doen, verdient dat beslist de voorkeur. Zo kan hij zich immers het beste uitdrukken. Dat geldt in het dagelijks leven en dat geldt zeker in een voor een justitiabele spannende situatie. Indien hij bijvoorbeeld dient te verschijnen op een terechtzitting als partij of als getuige, komt zijn verhaal het beste naar buiten in die eerste taal.



-2-

Wanneer een primair Friestalige het Nederlands gebruikt, dan gaan nuances verloren en kunnen woorden anders worden opgevat dan zoals door de justitiabele bedoeld. De rechter (en eventueel andere procespartijen) zullen aldus minder relevante informatie verkrijgen dan wanneer de justitiabele zijn verhaal niet eerst in het Nederlands zou moeten vertalen (in zijn hoofd). Zegt een Fries "het kon minder" als vertaling van "it koe minder", dan kan het eigenlijk niet beter gaan, terwijl de niet Friestalige toehoorder gemakkelijk denkt iets anders te begrijpen. Wij hebben de overtuiging, dat het de kwaliteit van de rechtspraak ten goede komt wanneer een primair Friestalige zijn verhaal in het Fries kan doen. Zeker wanneer sprake is van mondelinge uitingen.

Onze initiatieven

Sinds enkele jaren heeft de Raad van Toezicht een portefeuillehouder Frysk. De Algemeine Fryske Underrjocht (onderwijs) Kommissje (de Afûk) heeft in samenwerking met ons een cursus "Frysk foar abbekaten" ontwikkeld. Het eerste seizoen (2009-2010) hebben al tien advocaten deze cursus gevolgd. Te uwer informatie; ons arrondissement telt circa 260 advocaten. Een groot deel daarvan verstaat het Fries al goed. Een kleiner deel daarvan gebruikt zelf ook het Fries in het contact met de justitiabelen. Het betreft dan zowel mondelinge als schriftelijke contacten.

Toch komt het nog regelmatig voor dat de justitiabelen met hun advocaten in de hal van de rechtbank of het hof Fries spreken, maar op de zitting direct overschakelen op het Nederlands. Een belangrijke reden daarvan is dat aan het begin van een zitting door de rechter vrijwel nooit wordt gevraagd welke taal de justitiabele wenst te gebruiken.

Wát is de oorzaak hiervan? Uit onze regelmatige contacten met rechtbank, hof en Openbaar Ministerie is gebleken wat het voornaamste knelpunt is voor het gebruik van het Fries tijdens de zitting. Vaak is aan de orde dat een rechter, een raadsheer of een vertegenwoordiger van het Openbaar Ministerie het Fries niet (goed) verstaat of zich daarin onvoldoende thuis voelt. Er zou daarom een tolk Fries op de zitting aanwezig moeten zijn. Er zijn in Fryslân echter maar weinig beëdigde tolken Fries. Op ons initiatief wordt daarom nu door justitie in samenwerking met diezelfde Afûk gewerkt aan het tot stand komen van een poule van tolken Fries. Het plan is om aldus op korte termijn (zonder een lange opleiding) over circa tien extra tolken te beschikken. Omdat de Afûk gevestigd is in een pand op een loopafstand van circa vijf minuten van zowel de rechtbank als het gerechtshof te Leeuwarden, kan geregeld worden dat direct een tolk Fries wordt ingeschakeld, wanneer dat voor of aan het begin van de zitting nodig wordt geacht. Een soort piketregeling, zodat geen sprake is van vertraging of uitstel.



-3-

Voorop staat de (formele) gelijkstelling van het Nederlands en het Fries. Maar Friezen zijn in het algemeen beleefd en praktisch. Zo is het Friezen eigen om niet het Fries te gebruiken tijdens zittingen met een niet Friestalige wederpartij.

Gerechtelijke kaart

Naar aanleiding van concept wetsvoorstel Herziening gerechtelijke kaart van minister Opstelten en ook de reactie daarop van 18 februari 2011 van de Raad voor de Rechtspraak, maken wij ons zorgen over de tendens die zich daarin aftekent, meer specifiek in relatie tot uw wetsvoorstel.

In de wet staat dat, op een terechtzitting die wordt gehouden in de provincie Fryslân, het Fries mondeling mag worden gebruikt (artikel 11). Artikel 15 bepaalt eigenlijk hetzelfde voor het schriftelijk gebruik van het Fries. Minister Opstelten wil artikel 2 van de Wet gebruik Friese taal in het rechtsverkeer niet wijzigen (mondeling), maar wel artikel 7. Ten gevolge daarvan zouden Friestalige stukken mogen worden ingediend bij de rechtbank Noord-Nederland en bij het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden. De Raad voor de Rechtspraak huldigt het standpunt, dat het recht om Friestalige stukken in te dienen, beperkt moet blijven tot een in de provincie Fryslân gelegen rechtspraaklocatie. Op grond van de voorgestelde wijzigingen van de gerechtelijke kaart, is aan de orde dat vele rechtszaken die momenteel nog worden behandeld door de rechtbank Leeuwarden of het hof Leeuwarden, zullen worden afgedaan op locaties buiten Fryslân. Dat is (uiteraard) ook het geval wanneer louter Friese partijen recht zoeken. Zou alleen op een fysieke locatie in Fryslân het Fries mogen worden gebruikt, dan wordt het recht van de Friestalingen om procedures in het Fries te voeren fundamenteel en ook op een onduidelijke wijze ingeperkt.

De Raad voor de Rechtspraak wenst geen invloed van de minister van Veiligheid en Justitie op de besluitvorming over de locatie van de zittingen. Nu al is door de noordelijke rechtbanken geregeld dat alle zaken over omgevingsvergunningen door de sector bestuursrecht van de rechtbank Assen worden behandeld, ongeacht of zij spelen in Drenthe, Groningen of Fryslân. In verband met de kwaliteit van de rechtspraak achten wij specialisatie prima, maar waarom vindt een zitting omtrent een in Fryslân spelende zaak niet in Leeuwarden plaats? Voorts hebben wij vernomen, dat alle bestuursrechtelijke zaken - niet betreffende de omgevingsvergunning - zullen worden behandeld op de locatie Groningen van de Rechtbank Noord-Nederland, terwijl niet iedere bestuursrechtelijke zaak specialistische kennis van de rechter verlangt. Te verwachten valt een forse verschuiving van zittingslocaties buiten de huidige arrondissementen, blijkens eerdergenoemde brief van 18 februari 2011 van de Raad voor de Rechtspraak. Het gebruik van het Fries mag niet daardoor in de knel komen.

Terzijde achten wij het bezwaarlijk voor de justitiabelen om al dan niet met een advocaat verder te moeten reizen voor het bijwonen van een zitting, niet alleen om de extra kosten. Gemist wordt de binding van rechter, raadsheer of officier van justitie met de plaats waar de zaak speelt. Zo zijn er in ons arrondissement "geruchtmakende zaken", die buiten de provincie niet of nauwelijks aandacht krijgen in de media.



-4-

In dit kader refereren wij bijvoorbeeld aan de bestuursrechtelijke procedures over het rapen van kievitseieren. Daarnaast berichten de Friese media – meer dan over zaken in andere rechtsgebieden – over strafzaken in Fryslân. Zo worden levens- en geweldsdelicten, zedenzaken en milieudelicten in Fryslân veelal onder grote belangstelling behandeld, terwijl landelijke media aan deze zaken geen of nauwelijks aandacht schenken. “Lokale” rechters, raadsheren of officieren van justitie hebben hierin in onze ogen zeker een toegevoegde waarde. Maar deze opmerkingen raken niet uw wetsvoorstel.

Aanbevelingen

Wij constateren omtrent uw wetsvoorstel aangaande het rechtsverkeer dat daarin slechts enige wijzigingen nodig zijn, om te waarborgen dat een Friestalige in het Fries kan procederen. Het Fries zou zowel mondeling als schriftelijk gebruikt mogen kunnen worden, wanneer de zaak in het werkgebied Fryslân speelt. Althans wanneer het een zaak betreft, waarin nu de rechtbank Leeuwarden of het gerechtshof Leeuwarden bevoegd is.

Dat een proces-verbaal Friestalg is, wanneer Fries is gesproken (artikel 14 lid 1 van het wetsvoorstel) geldt nu al (artikel 6 Wet op het Fries in het rechtsverkeer). De huidige uitzondering, dat een rechter kan bepalen, dat dat in redelijkheid niet kan worden gevegd, is ons inziens terecht verdwenen. Natuurlijk kan dit altijd worden gevegd. Het is immers onvoorstelbaar, dat een verklaring afgelegd in het Nederlands niet in die taal in het proces-verbaal wordt opgenomen. Voor het Fries geldt hetzelfde. Bij een vertaling gaan altijd nuances verloren. Een justitiabele zal zich hierin minder herkennen.

Wij wijzen voorts op de noodzaak van dergelijke waarborgen op grond van het Europees handvest voor de regionale talen en het Europees verdrag voor de minderheden.

Wij maken ons zorgen over de positie van Friestaligen die contact met ons hebben, in combinatie met artikel 3 van de wet. De Raad van Toezicht in het arrondissement Leeuwarden is een bestuursorgaan. Aansluitend bij het wetsvoorstel Herziening gerechtelijke kaart is aan de orde, dat in de toekomst waarschijnlijk sprake zal zijn van een Raad van Toezicht in het arrondissement Noord-Nederland. Met Groningen als vestigingsplaats. Wij achten het onwenselijk, dat de Friestalige justitiabelen en de Friestalige leden (advocaten) niet meer het recht hebben om in het contact met de Raad van Toezicht het Fries te gebruiken. Wij betreuren het tenslotte dat in de vergaderingen van de toekomstige Raad van Toezicht van de in Noord-Nederland gevestigde advocaten het Fries niet (bij recht) kan blijven worden gebruikt. Artikel 9 van de wet biedt dat recht nu namelijk niet. Overigens vergaderen wij nu al drie à vier keer per jaar gezamenlijk als Raden van Toezicht van de orde van advocaten in de arrondissementen Assen, Groningen en Leeuwarden. Af en toe iets vertellen in het Fries wordt door de Drenten en Groningers juist op prijs gesteld. Maar dat zal niet voor iedere Groningse of Drentse advocaat gelden.



-5-

Wij reageren dus overwegend positief op uw voorstel. "It koe minder." Wij wensen u en uw collega minister Opstelten wijsheid toe bij de vaststelling van de wettekst.

Hierbij treft u aan een Friestalige versie van deze brief.

Hoogachtend,

mr. G. P. Wempe,
namens de Raad van Toezicht
van de orde van advocaten
in het arrondissement Leeuwarden



Postbus 723
9700 AS GRONINGEN
T (050) 314 69 34
F (050) 311 02 01

De Minister fan Ynlâske Saken
en Keninkryksrelaasjes
mr. J.P.H. Donner
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Datum : 26 april 2011
Jo skaaimerik : Consultatie Wet gebruik Friese taal
Us skaaimerik : RvT (Frysk) (u22/2011/03/rvt.frysk)

Achte hear Donner,

De Rie fan Tafersjoch fan de oarder fan advokaten yn it arrondissemint Ljouwert makket graach gebrûk fan de gelegenheid dy't jo mei jo brief d.d. 21 maart 2011 jouwe, om syn stânpunt te jaan oer it konseptwetsfoarstel Wet gebrûk Fryske taal (de wet). Mei it each op ús posysje konsintrearje wy ús by it bepalen fan ús stânpunt op it haadstik "It brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear", de opfolger fan de Wet gebrûk Fryske taal yn it rjochtsferkear.

De wet foarsjocht yn in bredere mooglikheid foar (primêr) Frysktaligen om har by de rjochter likegoed as by bestjoersorganen mûnling en skriftlik fan har memmetaal te betsjinjen. Dêr binne wy tige wiis mei.

Wy komplimintearje jo benammen oer artikel 15 lid 2 fan de wet. It is in grutte foarútgong, wannear't der yn it earste prosesstik al dúdlik makke wurdt, dat in Frysktalige yn de proseduere it Frysk brûke mei.

Kwaliteit rjochtsspraak

Wy meltsje ús al jierren sterk foar it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear. Foar in protte Friezen is it Frysk har earste taal. Wannear't in justisjabele syn ferhaal by de rjochter yn syn earste taal dwaan kin, fertsjinnet dat perfoarst de foarkar. Sa kin er him ommers it bêste útdrukke. Soks jildt yn it deistich libben en soks jildt wis yn in foar in justisjabele spannende situaasje. As er bygelyks op in rjochtsitting as partij of as tsjûge ferskine moat, komt syn ferhaal it bêste nei bûten yn dy earste taal.



-2-

Wannear't in primêr Frysktalige it Nederlânsk brûkt, dan wurde nuânses wei en kinne wurden oars opfette wurde as sa't de justisjabele dy bedoeld hat. De rjochter (en eventueel oare prosespartijen) sille sadwaande minder relevante ynformaasje krije as wannear't de justisjabele syn ferhaal net earst yn it Nederlânsk oersetten moatte soe (yn 'e holle). Seit in Fries "het kon minder" as oersetting fan "it koe minder", dan kin it eins net better gean, wylst de net Frysktalige taharker samar wat oars mient te begripen. Wy ha de oertsjûging, dat it de kwaliteit fan de rjochtspraak te'n goede komt wannear't in primêr Frysktalige syn ferhaal yn it Frysk dwaan kin. Benammen as der sprake is fan mûnlinge uterings.

Us inisjativen

Sûnt in pear jier hat de Rie fan Tafersjoch in portefúlgehâlder Frysk. De Algemeene Fryske Underrjocht (ûnderwiis) Kommisje (de Afûk) hat yn oparbeidzjen mei ús in kursus "Frysk foar abbekaten" ûntwikkele. It earste seizoen (2009-2010) ha al tsien advokaten dy kursus folge. Foar jo ynformaasje; ús arrondissemint hat sirka 260 advokaten. In grut part dêrfan ferstiet it Frysk al knap. In lytser part dêrfan brûkt sels ek it Frysk yn it kontakt mei de justisjabelen. It giet dan om mûnlinge likegoed as skriftlike kontakten.

Dochs komt it noch geregeldwei foar dat de justisjabelen mei harren advokaten Frysk prate yn de hal fan de rjochtbank of it hof, mar op de sitting fuortdaalk oerskeakelje op it Nederlânsk. In wichtige reden dêrfan is dat der oan it begjin fan in sitting frijwol nea frege wurdt hokker taal oft de justisjabele brûke wolle soe.

Wat is dêr de oarsaak fan? Ut ús geregelde kontakten mei rjochtbank, hof en Iepenbier Ministearje hat bliken dien wat it foarnaamste knypstip is foar it brûken fan it Frysk ûnder de sitting. It is gauris oan de oarder dat in rjochter, in riedshear of in fertsjintwurdiger fan it Iepenbier Ministearje it Frysk net (goed) ferstiet of him dêr ûnfoldwaande thús yn fielt. Der soe dêrom in tolk Frysk oanwêzich wêze moatte by de sitting. Der binne lykwols mar in bytsje beëdigde tolken Frysk yn Fryslân. Dêrom wurdt der op ús inisjatyf op 't heden troch justysje yn gearwurking mei dyselde Afûk wurke oan it ta stân kommen fan in pûl fan tolken Frysk. It plan is om sadwaande op koarte termyn (sûnder in lange oplieding) oer sirka tsien ekstra tolken te beskikken. Om't de Afûk fêstige is yn in pân op in rinôfstân fan sirka fiif minuten fan sawol de rjochtbank as it gerjochtshof te Ljouwert, kin regele wurde dat fuortdaalk in tolk Frysk ynskeakele wurdt, wannear't soks foar of oan it begjin fan de sitting nedich achte wurdt. In soarte fan piketregeling, sadat der gjin sprake is fan fertraging of útstel.



-3-

Foarop stiet de (formele) lykstelling fan it Nederlânsk en it Frysk. Mar Friezen binne yn it algemien beleefd en praktysk. Sa is it Friezen eigen om net it Frysk te brûken ûnder sittings mei in net Frysktalige tsjinpartij.

Gerjochtljke kaart

Nei oanlieding fan it konseptwetsfoarstel Feroaring gerjochtljke kaart (Nederlânsk: Herziening gerechtelijke kaart) fan minister Opstelten en ek de reaksje dêrop fan 18 febrewaris 2011 fan de Rie foar de Rjochtspraak, meitsje wy ús soargen oer de tendins dy't him dêryn ôftekenet, mear spesifyk yn relaasje ta jo wetsfoarstel.

Yn de wet stiet dat, op in rjochtsitting dy't holden wurdt yn de provinsje Fryslân, it Frysk mûnling brûkt wurde mei (artikel 11). Artikel 15 bepaalt eins itselde foar it skriftlik brûken fan it Frysk. Minister Opstelten wol artikel 2 fan de Wet gebrûk Fryske taal yn it rjochtsferkear net wizigje (mûnling), mar wol artikel 7. As gefolch dêrfan soene Frysktalige stikken yntsjinne wurde meie by de rjochtbank Noard-Nederlân en by it gerjochtshof Arnhem-Ljouwert. De Rie foar de Rjochtspraak huldiget it stânpunt, dat it rjocht om Frysktalige stikken yn te tsjinjen, beheind bliuwe moat ta in rjochtspraaklokaasje dy't yn de provinsje Fryslân leit. Op grûn fan de foarstelde wizigings fan de gerjochtljke kaart is it oan de oarder dat in protte rjochtsaken dy't op 't heden noch behannele wurde troch de rjochtbank Ljouwert of it hof Ljouwert, ôfdien wurde sille op lokaasjes bûten Fryslân. Dat is (fansels) ek it gefal wannear't poer Fryske partijen rjocht sykje. Soe allinne op in fysike lokaasje yn Fryslân it Frysk brûkt wurde meie, dan wurdt it rjocht fan de Frysktaligen om prosedueres yn it Frysk te fieren fûneminteel en ek op in ûndúdlike wize beheind.

De Rie foar de Rjochtspraak winsket gjin ynfloed fan de minister fan Feiligens en Justysje op de beslútfoarming oer de lokaasje fan de sittings. No al is troch de noardlike rjochtbanken regele dat alle saken oer omjouwingsfergunnings troch de sektor bestjoersrjocht fan de rjochtbank Assen behannele wurde, likefolle oft hja spylje yn Drinte, Grinslân of Fryslân. Yn ferbân mei de kwaliteit fan de rjochtspraak achtsje wy spesjalisasje prima, mar wêrom fynt in sitting oangeande in saak dy't yn Fryslân spilet, net plak yn Ljouwert? Fierder ha wy fernaam, dat alle bestjoersrjochtljke saken – net oangeande de omjouwingsfergunning – behannele wurde sille op de lokaasje Grins fan de Rjochtbank Noard-Nederlân, wylst net eltse bestjoersrjochtljke saak spesjalistyske kennis fan de rjochter freget. Te ferwachtsjen falt in fikse ferskowing fan sittingslokaasjes bûten de notiidske arrondisseminten, sa't bliken docht út de earder neamde brief fan 18 febrewaris 2011 fan de Rie foar de Rjochtspraak. It brûken fan it Frysk mei dêr net troch yn 'e knipe komme.



-4-

Los dêrfan achtsje wy it beswierlik foar de justisjabelen om al of net mei in advokaat fierder reizgje te moatten foar it bywenjen fan in sitting, net allinne omreden fan de ekstra kosten. Wat mist wurdt is de bining fan rjochter, riedshear of offisier fan justysje mei it plak dêr't de saak spilet. Sa binne der yn ús arrondissemint 'opskuor jaande saken', dy't bûten de provinsje net of amper omtinken krije yn de media. Yn dat ramt referearje wy bygelyks oan de bestjoersrjochtlike prosedueres oer it ljipaaaisykjen. Fierder berjochtsje de Fryske media – mear as oer saken yn oare rjochtsmêden – oer strafsaken yn Fryslân. Sa wurde libbens- en geweldsdelikten, sedesaken en miljeudelikten yn Fryslân almeast ûnder grute belangstelling behannele, wylst lanlike media gjin of amper omtinken oan dy saken jouwe. "Lokale" rjochters, riedshearen of offisieren fan justysje ha dêr yn ús eagen wis in tafoege wearde yn. Mar dizze opmerkings reitsje jo wetsfoarstel net.

Oanbefellings

Wat jo wetsfoarstel oangeande it rjochtsferkear oanbelanget, konstatearje wy dat dêr mar in pear wizigings yn nedich binne om te fersekerjen dat in Frysktalige yn it Frysk prosedearje kin. It Frysk soe mûnling likegoed as skriftlik brûkt wurde kinne moatte, wannear't de saak yn it wurkgebiet Fryslân spilet. Alleast wannear't it om in saak giet, dêr't no de rjochtbank Ljouwert of it gerjochtshof Ljouwert foech yn hat.

Dat in proses-ferbaal Frysktalich is, wannear't der Frysk praat is (artikel 14 lid 1 fan it wetsfoarstel) jildt no al (artikel 6 Wet op it Frysk yn it rjochtsferkear). De notiidske útsûndering, dat in rjochter útmeitsje kin, dat soks yn reedlikens net ferge wurde kin, is nei ús betinken mei rjocht en reden ferdwûn. Fansels kin soks altiten ferge wurde. It is ommers ûnfoarstelber, dat in ferklearring ôflein yn it Nederlânsk net yn dy taal yn it proses-ferbaal opnaam wurdt. Foar it Frysk jildt itselde. By in oersetting gean altiten nuânses ferlern. In justisjabele sil himsels dêr minder yn werkenne.

Fierder wize wy op de needsaak om sokke boarchen op grûn fan it Europeesk hânfêst foar de regionale talen en it Europeesk ferdrach foar de minderheden.

Wy meitsje ús soargen oer de posysje fan Frysktaligen dy't kontakt mei ús ha, yn kombinaasje mei artikel 3 fan de wet. De Rie fan Tafersjoch yn it arrondissemint Ljouwert is in bestjoersorgaan. Oanslutend by it wetsfoarstel Feroaring gerjochtlike kaart (Herziening gerechtelijke kaart) is oan de oarder, dat der yn de takomst nei alle gedachten sprake wêze sil fan in Rie fan Tafersjoch yn it arrondissemint Noard-Nederlân. Mei Grins as fêstigingsplak. Wy achtsje it net winsklik, dat de Frysktalige justisjabelen en de Frysktalige leden (advokaten) net mear it rjocht ha om yn it kontakt mei de Rie fan Tafersjoch it Frysk te brûken. By einsluten fine wy it spitch dat yn de gearkomsten fan de takomstige Rie fan Tafersjoch fan de advokaten dy't yn Noard-Nederlân fêstige binne it Frysk ek aanst net (by rjocht) brûkt wurde kin. Artikel 9 fan de wet biedt dat rjocht no nammentlik net. It is oars sa dat wy no al trije à fjouwer kear it jier mei-inoar as Rieden fan Tafersjoch fan de oarder fan advokaten yn de arrondisseminten Assen, Grins en Ljouwert gearkomme. Ut en troch wat fertelle yn it Frysk wurdt troch de Drinten en Grinzers krekt op priis steld. Mar dat sil net foar eltse Grinzer of Drintske advokaat jilde.



-5-

Wy reagearje dus yn haadsaak posityf op jo foarstel. "It koe minder." Wy winksje jo en jo kollega minister Opstelten wilsheid ta by it fêststellen fan de wetstekst.

Mei heechachting,

mr. G.P. Wempe,
út namme fan de Ried fan Tafersjoch
fan de oarder fan advokaten
yn it arrondissemint Ljouwert